

Hieke op it spoar

Doe't wy, lykas al jierren wenst is, op de moaiste camping fan ús lân – De Tjasker dus van Niels en Thea – stienen en de earste sneins nei't tsjerke gongen, waard ik by it ferlitten fan de toer even oan de jas lutsen troch frou Faber – Pander, Swaentsje dus. Sy hie noch it gedicht dat Folkert Verbeek makke hat by it ôfskie fan Hieke as âlderling, hja waard doe sântich, en Aeltsje Hornstra. 'Kinst wol wat mei, tink ik, ast wer yn it spoar fan Hieke oan de gong bist.' Gerben Wildschut ynskeakele as postillon d'amour, de kompjouter op alarmfase 1 setten en âlde stavering oanhâlden.



Hyke en Aaltsje

Soenen wy hjir joun foar jimme
alle goede dingen neamme
fan beide susters Hyk'en Aaltsje
dan waard dat in lang ferhaaltsje.
Doch sille wy der grif oer gear
want hulde past ús oan dat pear.
Har libben lang ha sy kreawearre
bliermoedich sûnder krimmenearen
foar ús gemeente kloek yn't spier
net no en dan, mar jier op jier
en ek maatskiplik en sosiaal
diene se beide in hiele haal.
Stiet Hyke joun wat mear yn 't ljocht
wy neame Aaltsje ek mei rjocht
en wolle har graach lof taswaaije
want sy hie meastal thús de leije.
Sy hie't bewâld oer hûs en tún
foar Hyke tee en kofje brún.
Dan plante Hyke it gat op 't sadel
slach yn de rêch as wie't fan adel
in flodderdoekje om 'e holle
dat fleurich yn it wyntsje bolle.
Sa die sy wat har hân mar foun

en hat har bêste krêften jown.
Wie Skaafsma, hjir noch wol bekend,
lichaamlik net mear sa kontent
hâldt Hyke der mei fleurich sin
en wisse hân de saak wat skjîn.
Wie âlde Hinke wat út stel
no dan kaam Hyke efkes del.
Mei brân yn Vissers bakkerij
rôp Hyke: 'Us lege pastorij,
dêr kinne jim salang wol hinne.
Ik sil der gau wat dweil'en bjinne.
Sneinskoalle hat se lang foar stien,
ja, dat is ek foar wûnder gien.
Famkesferiening en frouljusboun,
beide hat Hyke wol lieding jown.
En de feriening foar de froulju,
ik leau sels noch dy fan de manlju.
Nee, dat is in grapke, mar 'k wit skoan
as 't moast koe sy dy ek wol oan,
want Hyke, och sa evenredich
dy sei it soms sa droech en snedich.
Al joech se nea in skerpe stikel
har humor stiet bekend yn Wikel.
Kaam der in sprekker op in joun
hat Hyke altyd prachtich foun.
Sy libbe sa geweldich mei
dat sy faak heallûd foar har sei:
'Och, och, soa, soa, heden noch ta,
no, no, o ja? Hoe kin't dochs sa?'
Wie immen siik en wat út oarder
sy kam wol mei de bânrekorder.
In bakker komt mei bôle en cake
mar Hyke sut'le mei de preek.
Doe waard sy ek sa lang om let
in âlderling sa ha jo net.
En it moat sein foar no en letter
gjîn dominee koe dat wurk better.
Deryn wie sy wol goed beskout
snien út it allergeefste hout.
Sy wie der yn de djipste need
sy holp by freugde en by leed.

It wie by har, jim kin' t wol riede
in bytsje wurden, stille dieden.
't Is no de joun om tank te bringen
foar al dy moaie, goede dingen
dy sy yn ús gemeente die.
As't fakentiids net maklik wie
Wy wage derom Hyke en Aaltsje
hjr joun ris op in gouden skaaltsje
Har libbengong wie stil en dimmen
in foarbyld dochs foar ús en jimme
In earekroan kinne wy net jaan
mar dat sil ienris God wol dwaan.



Oant safier de 'preek op rym' wer't Wikel mei ôfskie naam fan Hyke en Aaltsje Hornstra. It jout ek in byld fan de soarch yn dy jierren, fan folslein belangeleas der wêze as immen der ferlet fan hie.

As ik oan Hieke tink, tink ik oan de middeis fan de sneinskoalle, dy't se tegearre mei Auke van der Meer runde. Wy hienen der doe wol wat mear respekt foar ha mochten. Doe't Hieke de sneinskoalle farwol sei ha wy har, neffens Sieb Kiestra – en dy is dûmny, dus kin it witte – , tasongen mei: 'Ga niet alleen door 't leven.' Se sil der grif om glimke ha.

Willem Stegenga



*In glimke is in
krûpke fan de siel*